


INKIJKVERSIE SCRIPT

**'t kin neat skele wat de bern dogge...
(as se mar stil binne)**



Komysk toanielspul yn trije bedriuwen.

En het kind in ons lacht
fan

Peter van den Bijllaardt

Fryske oersetting fan **Siep Jorna**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **'T KIN NEAT SKELE WAT DE BERN DOGGE – EN HET KIND IN ONS LACHT** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **PETER VAN DEN BIJLLAARDT** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2010 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

Karakter beskriuwing, earste bedriuw.

Pinky: 6 jier. In byderhânske tante.

Grytsje / Gryt: 7 jier. Sleau type. Ferklikker. Praat as in grut minske.

Bauke: 6 jier. Hinget de stoere jonge út. Sit fol kattedwea.

Hânke / Jehannes: 6 jier. Paadfiner. Is it mei elkenien iens.

Jappy / Jaap: 6 jier. In echte bangeskiter. Broerke fan Grytsje
(De teksten fan dizze fiif beukers binne wat koarter holden. En nei it bern taskreaun. Se moatte der sels (nei eigen ynsjoch) de 'beukertaal' oan taheakje.)

Karakter beskriuwing, twadde bedriuw.

20 jier letter: Pinky, Gryt, Bauke, Jehannes en Jaap binne no 26 en 27 jier.

Pinky: In joviaal type. Ekstreem gefoel foar humor. Se is hast tsien moanne swier en stiet op it stuit om mei Bauke te trouwen.

Gryt: Hat al karriêre makke. Praat hiel 'deftich'. at se in drankje op hat, kriget se ek gefoel foar humor.

Bauke: In goede 'lobbes'. Net lilik te krijen.

Jehannes: Hat in bedriuw opboud. Rjocht foar de raap type. Hat gefoel foar humor.

Jaap: Is yn alles stiif. Hâldt him op in ôfstân.

Ida: De freondinne fan Jaap. (mei wol in pear jier âlder as Jaap wêze) Sinnich type. Hie dizze brulloft leaver oerslein.

Hiltsje: 51 jier. De mem fan Pinky. Ien stik segryn.

Trees: 25/35 jier. Freondinne fan Pinky. In 'punkfiguer' mei in oerdreaun gefoel foar humor. Sljocht op manlju.

Bartele 25/35 jier. Har freon. Ek in 'punkfiguer'. Rêstich type.

Karakterbeskriuwings, tredde bedriuw.

50 jier letter. Pinky, Gryt, Bauke, Jehannes en Jaap binne no 76 en 77 jier.

Pinky: Noch hieltyd joviaal. Har stim is wat rauwer wurden. Noch hieltyd gefoel foar humor. Net stikken te krijen. Se hat in spikerbroek en pullover oan. Fluoresearjende sportskuon. Se hat in blaugrize prûk op en in modern lêsbrieltsje.

Bauke: Is noch altyd mei Pinky troud. Noch hieltyd de goede jonge. Syn stim trillet in bytsje. Hy hat in âlde ribbroek oan, mei in rútsje boesgroen mei oprôle mouwen. Hy hat in fest oan, dat hielendal net by de oare klean past. Hy hat in âlderwetsk lêsbrieltsje om 'e nekke hingjen. at er bankbiljetten besjocht, dan set er him op.

Gryt: Noch hieltyd fleurich, at se wat drank op hat. Praat noch hieltyd 'deftich', mar wol mei in heech lûd. Se hat in pears of lila mantelpakje oan, dêr't it jaske fan ticht kin. Under it jaske hat se in fluoresearjend giel T-shirt mei lange mouwen. Fierder in fjoerreade maillot en oranje of fel griene pumps. Se is hiel bot opmakke en hat in henna- reade prûk op, dy't fier oer har skouders falt. Se hat in hiel grutte, kleurde bril op. (mei tsjokke glêzen).

Jehannes: Is it wer yn alles (krekt as yn it earste bedriuw) mei Bauke iens. Praat noch hieltyd stoer en in bytsje heas. Hat in joggingbroek, T-shirt en sportskuon oan. Wytgriis hier, âlderwetske lêsbriil.

Jaap: Is noch hieltyd mei Ida troud, mar as mins hielendal feroare. Libbet der no lekker op los en lûkt him neat mear fan de frou oan.

Ida: Is dus no fyftich jier âlder as yn it twadde bedriuw. Se is noch hieltyd deselde 'truttebol'. En noch hieltyd like sinnich.

Hiltsje: Is no 101 jier. Se is geastlik noch behoarlik by en noch krekt sa mûnich as eartiids. En... ja, ja, ek noch hiel fitaal. Se kin sels, mei help fan Bauke, noch treprinne.

Pybe: In psycholooch (of fersoarger) fan de sletten ynrjochting wêr it 'hiele stel' út ûntkaam is. Dizze rol kin troch 'Bartele' spile wurde.

Kim: In fersoarchster út deselde ynrjochting. Spontaan. Dizze rol kin troch ‘Trees’ spile wurde.

Noch even dit...

(Wat de âldens oangiet, dêr moat je net te swier oan tille. Foar de tiid is der genôch tiid om de 5 beukers te meitsjen. Yn it skoft wurdt elkenien pas âlder makke. Fan te foaren wol even goed oefenje fansels. Dizze ‘swierrichheid’ kin je dus ek as in grutte ‘útdaging’ sjen. Yn it earste bedriuw is elkenien net âlder as 7 jier. Yn it tredde bedriuw binne dizze fiif spilers hast tachtich! It hiele stik is hjirtroch by it absurde ôf, dus wêr prate wy eins oer.)

De skriuwer.

DEKOR:

Is in kelder. De muorren binne 'ljocht' pleistere. Op in pear plakken kinne je de bakstiennen der trochhinne sjen. Dit effekt krije je troch 'bakstien papier' yn rûge stikken te skuorren en dat, mei lym, dy't maklik fuort te heljen is, op de muorren te plakken. Yn 't twadde en tredde bedriuw binne dizze plakken wyt. Nei it earste bedriuw hoecht allinne mar dit papier fan 'e muorre helle te wurden. Yn 'e achtermuorre sit in doar, dy't de kelder yndraait. Neist de doar sit in âlderwetske bakkeliten swarte ljochtknop. at de doar iepen is sjogge je in stiennen muorre. Rjochts is de trep. Dizze is troch it publyk net te sjen. at dêr ien stiet – mei iepen doar – en nei ien ropt, sjocht dy dus omheech. Omdat alle spilers yn 't earste bedriuw beukers binne, binne alle attributen grutter as gewoan. Der stiet in ienfâldige houten stoel, in salontafel en in âlderwetske stove mei gatten. De doazen, dy't yn 'e hoeken stean, moatte dus ek grutter wêze as dat se normaal binne. (*Dizze kinne ek wer yn 't twadde bedriuw brûkt wurde*) Yn 'e hoareka ha se faak wol grutte pannen, potten, leppels ensfh. Fierder kin alles oanfolle wurde, mei ferskate dingen, dy't grutter binne as normaal. De doaze en de bonbons moatte ek grutter wêze.

EARSTE BEDRIUW

(it ljocht yn 'e seal is út. De muzyk, in fleurich, troch de fiif beukers Pinky, Grytsje, Bauke, Hânke en Jappy songen berneferske (sûnder muzyk) stadich lûder draaie, oant goed lûd. Nei in lyts skoftke giet it doek iepen. at Bauke opkomt it berneferske stadich útdraaie. It toaniel is leech en tsjuster)

Bauke: *(op)* Klaait yn in koarte ribbroek en rútsje boesgroentsje, sûnder mouwen. Op 'e boarstbûse sit in "sheriff" stjer. Cowboylearzen of sportskuon mei in soad fluoresearjende kleuren. at er sportskuon oan hat, dan sitte syn sokken op ferskate hichten. Op 'e holle hat er in cowboyhoed, dy't him te grut is. Tusken syn riem sit in katterpûl, dy't ek wat grut útfallen is. Yn 'e hân hat er in grutte bûslampe. Hy skynt der de seal mei yn) Wêr sit dat ljochtknopke no? *(Hy skynt mei de bûslampe op 'e muorre neist de doar)* O, hjirre. *(Docht it ljochtknopke om. It ljocht giet oan. Bauke docht de bûslampe út en leit dy op 'e tafel. Hy docht de hannen djip yn 'e bûse en sjocht om him hinne)* Is dit in moai rôvershoal of net?

Jappy: *(is no ek opkaam. Hat in matroazepakje oan mei alles derop en deroan. Hy sjocht benaud om him hinne. Syn lûd heart ek benaud)* Ik fyn it hjir mar aaklik. Litte we mar wer weromgean, Bauke.

Bauke: Ah, jonge, bangeskiter. Moatst es sjen, jong *(pakt in brijsleef of oar grut ding)* Wat in joekel, net? *(rint nei de doar)* Wêr bliuwt Hânke no?

Hânke: *(op. Hat it unifoarm fan in paadfiner oan. Yn 'e hân hat er in gongelstôk, fol mei nikkelen emblemen. Op 'e wang en 'e foarholle hat er grutte pleisters. Hy sjocht ferheard om him hinne)* Wat binne jim fan doel?

Bauke: Dat sjochst wol. Doch dy doar no earst mar ticht. Aansen komt der noch ien.

Jappy: *(rint nei de doar. Noch hieltyd wat benaud)* Ik wol hjir wei!

Bauke: *(rint fluch nei de doar en hâldt him tsjin)* Gjinen giet hjir wei. *(slacht de doar ticht)*

Jappy: *(Gûlt hast)* Ik wol hjir wei. At heity hjir achter komt.

Bauke: Dyn heity komt nergens achter.

Jappy: Us heity is hiel knap. Dy komt oeral achter.

Bauke: O, ja? En wêr komt dyn heity dan wol achter? No?

Jappy: No, oeral! Wat... wat... wat jim hjirre dogge.

Bauke: *(giet no foar Jappy stean en docht útdaagjend de fûsten yn 'e side)* En wat dogge wy hjirre dan?

Hânke: *(mei sangerich stimke)* Ja, Bauke, wat dogge wy hjir eins?

Bauke: (*gnysket*) Dat komt sa wol.

Jappy: (*gûlt hast*) Ik wol hjir wei.

Grytsje: (*op. Hat in hiel moai jurkje oan. Klamt in poppe yn 'e earms. Yn har hier, twa grutte frissels mei grutte reade strikken. Tsjin Pinky, dy't nei har opkomt*) Hie 'k it net tocht. Hie 'k it net tocht.

Bauke: (*wer útdaagjend mei de fûsten yn 'e side*) O, ja? En wat hiesto dan wol tocht? (*Pinky hat in âlde fersketten spikerbroek oan, mei in fel kleure T-shirt. Har sportskuon sitte ûnder de opdroege modder. Har hier stiet alle kanten út. Op har earmtakke hat se in skaafplak. Op it gesicht en ek har klean sitte smoarge streken en plakken.*)

Grytsje: (*tsjin Pinky*) Sjochst no wol dat ik gelyk hie?

Pinky: Ja, mar do witst net wat se hjir dogge.

Grytsje: Stoute dingen, dat kinst sa sjen.

Bauke: (*wer útdaagjend mei de fûsten yn 'e side. Beweecht fel mei de holle*) O, ja? O, ja? Kinsto dat sa sjen? En wat sjochsto dan sa allegearre? Hin?

Grytsje: No... alles! Us heit seit it hieltyd. Do dochst altyd stoute dingen.

Jappy: Ik fyn der hjir neat oan. (*begjint te tomkesobjen*)

Pinky: Wurdsto hjir fêsthouden, Jappy? (*Jappy knikt mei in pear grutte eagen*)

Bauke: (*koppich*) Gjien ien wurdt hjir fêsthouden.

Grytsje: No? En wêrom mei hy dan net fuort?

Bauke: As er fuort wol dan mei er fuort. (*as Jappy nei de doar sil, giet Bauke foar de doar stean*) Gjien ien giet hjir fuort. (*slacht de doar mei in klap ticht*)

Jappy: (*stampfuotsjend en heal gûlend*) Ik wol fuort! Ik wol fuort!

Grytsje: Ach, earm bern. (*slacht de earm om Jappy hinne*) Kom mar by my, hear. (*lûkt Jappy tsjin har oan*)

Bauke: (*lêbich*) Moatst dat sjen. Ik krij hast triennen yn 'e eagen...

Pinky: Wat dochsto, Bauke?

Bauke: Dat giet dy neat oan. Boartsje do mar mei dyn poppen. Truttebol!

Pinky: (*lilk*) Wat? Dat nimst werom! (*springt op Bauke ta, slacht de earm om syn nekke en lûkt syn holle achteroer*) Nim werom! Dat nimsto werom! (*lit de knokkels fan har frije hân hurd oer syn holle gear*)

Bauke: Au! Au! Au! (*hy docht alle war om los te kommen, mar dit slagget net*)

Grytsje: (*wiist nei Bauke syn holle, treiterjend*) Moatst es sjen, hy wurdt hielendal read. (*geit it út fan wille*)

Pinky: Nimst it werom?

Bauke: Ik nim hielendal neat werom.

Pinky: *(wriuwt wer hurd de knokkels fan har hân oer syn holle)* Nimst it werom?

Bauke: Au! Au! Au! *(bytsje swier pratend)* Ja... ik nim it werom.

Pinky: Sis my nei... Pinky is *gjin* truttebol.

Bauke: *(noch mei in bytsje in rauwe stim)* Pinky is *gjin* truttebol.

Pinky: Lûder!

Bauke: Pinky is *gjin* truttebol.

Pinky: Moai sa. *(jout Bauke in grutte triuw. Dy kin noch krekt it lykwicht hâlde, of... falt oer de tafel hinne en makket in koprol)* In oare kear komst der net wer sa fanôf, jonkje. *(Jappy hat mei iepen mûle stien te sjen. Hânke mei in pear grutte eagen)*

Grytsje: *(hat tige genietsjend stien te sjen)* Moai dien, Pinky, krekt goed. Lit dy stomme jonkjes mar es witte wa't hjir de baas is.

Bauke: *(driigjend tsjin Grytsje)* Wolsto in slach foar de kop ha, do?

Grytsje: Besykje 't es, dan stjoer ik Pinky op dy ôf.

Pinky: Foar in euro jou ik him in pak op syn soademiter.

Grytsje: Ha ik net.

Pinky: Dan dochst it sels mar.

Hânke: *(hâldt syn gongelstôk omheech)* Ik kin mei dizze stôk in liuw deaslaan.

Pinky: Oan al dy pleisters te sjen, hasto dat al besocht. *(Pinky en Grytsje giere it út. Bauke gnysket. Jappy laket stikem mei)*

Hânke: Wat?... Oh... *(fielt nei de pleisters. Glimke)* Nee, ik bin juster fan 'e trep dondere.

Pinky: O, sit dyn hier dêrom sa frjemd! *(Pinky en Grytsje giere it wer út. Jappy laket wer stikem mei)*

Hânke: As dyn heit sjocht datsto ûnder de troep sitst, krijst lekker moai op dyn miter.

Pinky: *(sjocht nei har broek en T-shirt)* Wat foar troep?

Grytsje: Al dy modder, ju.

Pinky: O, dat? Dêr is myn mem sa njonkelytsen wol oan wend.

Hânke: Wat dogge wy no, Bauke?

Bauke: *(draait wat hinne en wer)* at dy fammen aanst fuort binne sis ik it.

Grytsje: *(swait in bytsje hin en wer)* En dy fammen gean hielendal net fuuuooorrrttt.

Bauke: Dan sis ik ek hielendal neeeaaattt.

Jappy: *(piipstimke en sjocht nei de grûn)* Ik moat pisje.

Bauke: Pissest mar yn 'e broek, do.

Jappy: Dat mei net fan ús mem.

Pinky: Pisje dan mar yn dy hoeke, dêre.

Grytsje: Nee, getfer...

Jappy: Ik mei fan ús mem ek net yn hoeken pisje.

Bauke: Do meist ek net folle, wol? (*Bauke hellet in read krytsje út 'e bûse en skriuwt op 'e muorre, tichtby de doar, it wurd 'KUD'*)

Grytsje: Wat stiet dêr no?

Bauke: Dat wit ik net. Ik kin ommers net lêze.

Pinky: Ik ha it wol es op 'n sket stean sjoen, mar doe wie dy letter (*wiist de D oan*) hiel oars.

Bauke: Ik ha it ús mem frege, mar dy krige in hiel reade holle.

Pinky: Jim mem hat altyd in reade holle.

Bauke: (*lilk*) Misedigje ús mem net. Us mem is de kreaste mem fan 'e wrâld.

Pinky: De 'readste' mem silsto bedoele. (*Pinky en Grytsje giere it wer út. Jappy laket sacht mei. Hânke sjocht Pinky mei iepen mûle en in pear grutte eagen oan. Begjint dan – sûnder lûd te meitsjen – mei de rest mei te laitsjen*)

Bauke: (*pakt syn kattepûl*) Asto dat noch es seist, sjit ik dy in stien tsjin 'e kop. (*lûkt, wylst er op Pinky mikt, it elastyk nei achteren. Dat sjit los en hy kriget it tsjin de fingers oan. Hy dûnset fan 'e pine*) Au! Au! Au! (*Jappy en Hânke meitsje in 'O' mei de lippen*)

Pinky: (*giert it, mei Grytsje, út fan wille*) Eigen skuld, dikke bult...

Grytsje: Moatst es sjen... (*triuwt de hân ûnder Pinky har noas*) hoe'n moai kettinkje ik fan ús mem krige ha.

Pinky: Poeh. Us heit hat ús mem in noch folle moaier kettinkje jûn.

Grytsje: O, ja? En wêrom ride jim dan yn sa'n âlde auto?

Pinky: Us auto rydt yn els gefal noch. Dy fan jim ferliest hieltyd dingen.

Jappy: Ik ha fan ús heit in hieeeeele grutte trúk krigen. (*elkenien sjocht him, sûnder ienige ynteresse oan*) Mei in hieeeeele grutte oanhinger.

Pinky: No, dan kinst moai yn dy oanhinger pisje. (*elkenien, útsein Jappy, giere it út*)

Jappy: Jim binne jaloersk, omdat jim neat krigen ha.

Pinky: O, nee? Ik ha in learen fuotbal fan ús heit krigen.

Hânke: (*ûnder de yndruk*) In learen?

Pinky: Ja.

Bauke: Dat liichst. Famkes krije noait fuotballen. Dat kinne se net iens.

Pinky: O, nee? Dan giesto aansens mar even op keep stean. Dan silsto es wat sjen.

Grytsje: En dit kettinkje (*hellet har halskettinkje ûnder har jurkje wei*) ha ik ek noch krigen. (*gjin ien sjocht dernei*)

Hânke: Ik gean letter nei Japan. En nei Sina. En nei België.

Grytsje: En ik ha ek noch earbeltsjes hân. Mar dy ha ik slingerje litten en doe hat poes se opiten.

Bauke: Dan moatst even yn syn kattedstront sjen.

Grytsje: Hè, gétsie! Wat bisto in fiislak, sis.

Bauke: Wêrom? Ik hoech it net te dwaan. It bin myn earbeltsjes net.

Pinky: (*mei in lilke gniis*) Ja Grytsje. (*docht sabeare foar mei de finger*)

Gewoan de finger troch de kattedront helje, dan fynst se wol werom.

Grytsje: (*rillet oerdreaun*) Géééééétsie!

Jappy: Ik moat poepe.

Bauke: As 't mar net yn 'e broek dochst. Dat stjonkt in oere boppe de wyn.

Pinky: No, Bauke, wat sille jim hjir no.

Bauke: Dat giet dy neat oan.

Pinky: (*docht in stap yn syn rjochting. Driigjend*) Moat ik dy noch in kear pakke?

Bauke: (*docht in stap achterút*) Ast mar witst dat ik dy dizze kear skop.

Grytsje: Ik sis tsjin ús mem dat jim oer poep prate.

Pinky: Dan sizze wy datsto begonnen bist.

Grytsje: (*grutte lilke eagen*) Ohhhhhhh, dat is net wier!

Pinky: (*gnyskjend*) Mar wy sizze fan wol.

Grytsje: Dat is gemien.

Pinky: Witst wat gemien is? Klikke!

Jappy: (*triuwt syn skonken tsjin elkoar*) No moat ik poepe en pisje.

Bauke: Asto swarst datsto net seist wê't wy binne, dan litte wy dy gean.

Jappy: (*stekt daliks twa fingers yn 'e loft*) Ik swar it! Ik swar it!

Bauke: (*hâldt de doar foar him iepen. Jappy draaft fuort. Bauke docht de doar wer ticht*) At er klikt slaan 'k syn kop der ôf.

Pinky: En ik syn earen.

Bauke: Hasto wier in echt learen bal krigen?

Pinky: Ja. Hy leit yn ús heit syn auto.

Bauke: Mei ik der aansens ek even mei skoppe?

Pinky: Asto my fertelst wat jim hjir dwaan sille.

Bauke: (*twivelet*) Nee... dat sis ik net.

Pinky: Hoecht ek net. Ik wit wol wat jim hjir dwaan sille.

Bauke: O, ja?

Pinky: Ja.

Bauke: No... Sis op dan.

Pinky: Do earst.

Bauke: (*trapet der hast yn*) No, wy sille hjir... (*sjocht har striidlustich oan*) Nee, dêr traapje ik net yn hear. (*Grytsje rommelt wylst tusken de doazen*) Hee, ju! Wat dochsto dêre?

Grytsje: Bemuoï dy mei dysels. (*triuwt mei de foet in doaze oan 'e kant*)

Bauke: Gean dêr wei, do! (*rint nei Grytsje*)

Pinky: (*erchtinkend*) Wêrom mei Grytsje dêr net sjen?

Bauke: O, dat mei wol. Dêr is hielendal neat. *(rint der wat knoffelich by wei)* Hielendal neat. *(Pinky sjocht Bauke erchtinkend oan. Rint nei Grytsje en triuwt de doaze hielendal oan 'e kant. Mei in pear grutte eagen sjocht se nei de grûn. Bauke rint der fluch hinne, mar hy is te let)*

Pinky: *(pakt de grutte doaze bonbons op)* Ahaaaa... Bónbóns... Sûkelarje!

Bauke: Jou oer! Dat bin mines!

Pinky: *(hâldt de doaze achter de rêch en draait har fan Bauke ôf)* Hoe komsto dêr oan?

Bauke: Earlik fûn.

Pinky: Ja, ja. Pikt silst bedoele.

Grytsje: *(mei in pear grutte eagen)* Sitte dêr echte bonbons yn?

Hânke: *(ûnder de yndruk)* Echte bónbóns???

Bauke: *(gûlt hast fan lilkens)* Rotwiven! Bemuoie har oeral mei. *(skopt tsjin in doaze en docht syn foet sear. Hy dûnset fan 'e pine)* Aú! Aú! Aú!

Grytsje: Krekt goed, moast mar net jatte.

Pinky: *(giet op 'e tafel sitten en docht de doaze iepen. Grytsje en Hânke sjogge mei)* Jeetje! Dat binne grutte!

Hânke: Ik wol in witen ien.

Grytsje: Ik wol ek in wite.

Pinky: *(pakt in wite bonbon)* Sa'n ien? *(Grytsje en Hânke gripe der beide nei. Pinky docht de bonbon yn ien kear yn 'e mûle en begjint te kôgjen)*

Hânke: *(bot teloarsteld)* Ik wol ek ien.

Grytsje: *(bot teloarsteld)* Ik wol ek ien. In wite!

Pinky: *(mei folle mûle)* Binne der net mear.

Grytsje: Jawol! Dêre!

Pinky: Oh ja. *(pakt him der út en hâldt him mei in grutte gniis, útdaagjend omheech. Grytsje en Hânke stekke de hân út. Se slokt it lêste fan de bonbon troch)* Ek foar my. *(stoppet him yn 'e mûle en begjint wer entûsjast te kôgjen)*

Grytsje: Dat is gemien! No hasto twa!

Hânke: Jou my dan mar in brune. *(as Pinky him ien jout stoppet er him daliks yn 'e mûle)*

Grytsje: Ik ek! Ik ek! *(at se ien krijt)* Nee, ik wol dy mei dy reade bobbeltsjes, dêre.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto